fryske akademy

**Genealogysk Wurkferbân**

**Utnûging** foar de gearkomste op **sneon 29 novimber 2025** om 13.30 oere

*Tresoar, Bûterhoeke 1 Ljouwert*.

**Wurklist:**

1. **Iepenjen en meidielingen**
   **troch*: foarsitter Gosse van der Plaats***
2. **Ferslach gearkomste 25 oktober ll (sjoch bylage)**
3. **Midsiuwsk Flechtwurk NB de lêzing is yn it Hollansk**
4. **Healwei de lêzing: Skoft**
5. **Sluten.**

**Belangstellenden** binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)



# Midsiuwsk Flechtwurk

It Midsiuwsk Flechtwurk is in database mei genealogyske gegevens fan likernôch 140.000 persoanen dy't foar 1700 berne binne. It is bedoeld as helpmiddel foar it sykjen nei famyljeleden yn de midsiuwen. De database komt fuort út trije Karel de Grutte-nûmers fan Gens Nostra yn it tiidrek 1968 -1991. Dit bestân is op in standerdisearre wize ynfierd yn GensDataPro en oanfolle en ferbettere op grûn fan withoefolle nije publikaasjes. Ek gegevens dy't yn genealogyske jierboekjes fan it Genealogysk Wurkferbân foarkamen binne deryn ferwurke. Nei skatting komme yn it Midsiuwsk Flechtwurk likernôch 7.000 Friezen foar! Bysûnder is, dat it bestân gjin dûbel ynfierde persoanen hat. Hjirtroch liedt ek it sykjen op in bynamme hieltyd nei it unike rekôr mei alle gegevens oer de oanbelangjende persoan. Dêrneist is in soad omtinken jûn oan it neamen fan de publikaasjes, dêr't de gegevens út komme en wêryn't faak noch mear te finen is. Troch spesjaal dêrfoar ûntwikkele programmatuer is it bestân maklik troch te sykjen op de website fan de NGV. Dêrby kinne de famyljerelaasjes yn de foarm fan kertiersteaten en parentielen oproppen wurde. Op de webside stiet ek in beskriuwing fan de midsiuwske gewoanten dy't oars wiene as yn lettere tiden.



*ROB DIX (Ir. R.A.J. Dix, Amsterdam 23 oktober 1946) is al jierren aktyf op it mêd fan de genealogy. Hy wie yn de Nederlandse Genealogische Vereniging (NGV) ûnder mear foarsitter fan de funksjonele ôfdieling Famylje-organisaasjes; lid fan it haadbestjoer fan de NGV fan 1992 - 28 oktober 2000, de lêste jierren as foarsitter. Hy is de inisjator fan it Midsiuwsk Flechtwurk. Mei syn geastesbern is hy dit jier nominearre foar de NGV Schepperle Award. Dy priis, neamd nei in eardere foarsitter fan de NGV Afdeling Friesland, is him op 27 septimber 2025 yn de Hooglandse Kerk te Leiden troch de hjoeddeiske foarsitter fan it haadbestjoer fan de NGV útrikt. It Midsiuwsk Flechtwurk sil troch in wurkgroep fan de NGV ûnderholden wurde.*

Genealogysk Wurkferbân

**Uitnodiging** voor de bijeenkomst op **zaterdag 29 november 2025** om 13.30 uur.

*Tresoar, Boterhoek 1 Leeuwarden*

**Agenda:**

1. **Opening en Medelingen**
   **door*: voorzitter Gosse van der Plaats***
2. **Verslag van 25 oktober jl (zie bijlage)**
3. **Middeleeuws Vlechtwerk NB de lezing is in het Nederlands**
4. **Halverwege de lezing: pauze**
5. **Sluiten.**

Belangstellenden zijn van harte welkom! Toegang gratis.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)



# MIDDELEEUWS VLECHTWERK

Het Middeleeuws Vlechtwerk is een database met genealogische gegevens van circa 140.000 personen die vóór 1700 zijn geboren. Het is bedoeld als hulpmiddel voor het zoeken naar familieleden in de Middeleeuwen.
De database komt voort uit drie Karel de Grote-nummers van Gens Nostra in de periode 1968-1991. Dit bestand is op een gestandaardiseerde wijze ingevoerd in GensDataPro en aangevuld en verbeterd op basis van talloze nieuwe publicaties. Ook gegevens die in genealogische jierboekjes van het Genealogysk Wurkferbân voorkwamen, zijn erin verwerkt. Naar schatting komen in het Middeleeuws Vlechtwerk ongeveer 7.000 Friezen voor!
Bijzonder is, dat het bestand geen dubbel ingevoerde personen kent. Hierdoor leidt ook het zoeken op een bijnaam steeds naar het unieke record met alle gegevens over de betreffende persoon. Daarnaast is veel aandacht besteed aan het vermelden van de publicaties, waaruit de gegevens afkomstig zijn en waarin veelal nog meer te vinden is. Dankzij speciaal hiervoor ontwikkelde programmatuur is het bestand gemakkelijk doorzoekbaar op de website van de NGV. Daarbij kunnen de familierelaties in de vorm van kwartierstaten en parentelen worden opgeroepen. Op de website staat ook een beschrijving van de middeleeuwse gewoonten die anders waren dan in latere tijden.



***ROB DIX** (Ir. R.A.J. Dix, Amsterdam 23 oktober 1946) is al vele jaren actief op het gebied van de genealogie. Hij was in de Nederlandse Genealogische Vereniging (NGV) onder meer voorzitter van de functionele afdeling Familieorganisaties; lid van het hoofdbestuur van de NGV van 1995-28 oktober 2000, de laatste jaren als voorzitter. Hij is de initiator van het Middeleeuws Vlechtwerk. Met zijn geesteskind is hij dit jaar genomineerd voor de NGV Schepperle Award. Deze prijs, genoemd naar een vroegere voorzitter van de NGV Afdeling Friesland, is hem op 27 september 2025 in de Hooglandse Kerk te Leiden door de huidige voorzitter van het hoofdbestuur van de NGV uitgereikt. Het Middeleeuws Vlechtwerk zal door een werkgroep van de NGV onderhouden worden.*